De haadklasse yn 2005

Seizoen 2005 wie it seizoen fan Chris Wassenaar. Troch it grutte tal blessueres en it bylotsjen duorren de wedstriden te lang. Foar de keatsers kin it net goed wêze om geregeld twa dagen achter inoar in topprestaasje leverje te moatten. As de sneonspartijen noris op it langst fan de dagen op woansdei fanôf 17.00 oere ferkeatst wurde en de sneinspartijen om 13.00 oere begjinne, dan soe der foar de keatsers "lucht" komme en it keatsen foar it publyk oantrekliker wurde.

Ek sneinspartijen garandearje net altiten bergen publyk (Doanjum, 2005). *(Foto: argyf KNKB)*

It seizoen

Dit jier yn Weidum gjin begjin mei de hagelstiennen om de earen, mar mei moai waar. Ek op de slotpartij yn Ljouwert wie it moai. Dêrtusken âlderwetsk súterich yn Tsjummearum en yn Arum ha se it witten. Dêr komt altyd in smite folk, mar no wiene der minder minsken en de partij ferreinde. Foar it keatsen wie dat net goed, foar de skathâlder noch folle minder. Skathâlders ha it al net sa noflik, mar skathâlders fan feriennings dy't in sneonspartij organisearje, moatte it wol tige krap ha. Dêr komme hast gjin taskôgers en dan falt it net ta om út de kosten te kommen. Mar ek op de sneinspartijen komme net mear dy oantallen fan eartiids. Ik tink dat in haadklassepartij te lang duorret: meastal tusken de fiifeninheal- en seiseninheale oere. Yn dy tiid moatte jo as taskôger hiel wat oer jo hinne komme litte: lange pauzes, ynslaan en it bylotsjen. Dat it te lang duorret, docht ek wol bliken, want it tal taskôgers is pas nei de earste omloop op oarlochssterkte. Der binne tefolle partijen yn de earste omloop net ynteressant en guon minsken wolle earst noch wol efkes thús kofjedrinke en ite.

De wedstriden en it nivo

De haadklassers ha yn 2005 meidwaan kinnen oan 22 frijeformaasje-, 12 útnoegings- en 3 ôfdielingswedstriden. Mei dy ôfdielingswedstriden wol ik begjinne. It is dochs frjemd om dy kategory "hearen haadklasse" te neamen. Yn Weidum stiene 40 partoer op de list. Der binne sa'n 24 haadklassers; guon dêrfan dogge net mei om't se gjin ôfdielingspartoer foarmje kinne. It winnende partoer út Minnertsgea wûn mei trije haadklassers: Cornelis Terpstra, Jacob Wassenaar en Chris Wassenaar; by twaddepriiswinner Grins siet allinne Douwe Groenendijk as haadklasser, mar wol mei Sake Porte en Jeroen Oosterhof; de tredde priiswinner Ljouwert hie de haadklassers Daniël Iseger en Pier Piersma en fierder Pieter Bakker yn it partoer, en Grou helle mei Wietze Punter, Durk van der Meer en Gerrit Bijlsma de fjirde priis. By de tolve 'haadprizewinners' sieten dus mar seis haadklassers.

Haadklasse ferûnderstelt seleksje, mar op ditsoarte wedstriden mei elke ôfdieling meidwaan. En dan telle de punten foar de winners ek noch mei foar it jierklassemint! Mar ek by de wedstriid yn Tsjummearum wie it net in soad oars. Oer dé Bondspartij hoege wy as haadklassepartij net iens te praten. Ik ha neat tsjin ditsoarte wedstriden, mar dan moat der in oar etiketsje op.

En dan de "echte" haadklassewedstriden. Yn de rin fan de jierren is it tal frijeformaasjewedstriden tanommen. Mei de "nije struktuer" fan partoersponsorjen, promovearjen en degradearjen, is dat de trend. Keatsen is in teamsport, mar wol mei in grutte yndividuele ynbring. De bêsten sykje inoar op. As de karakters dan ek noch passe, is súkses wis. Dat betsjut dat de "mindere bêsten" inoar opsykje moatte en súkses is mar komselden te heljen. Dochs dogge der oan de haadklassepartijen kwalitatyf goede keatsers mei. Sels de keatsers dy't sawat noait wat winne, ha in hege kwaliteit. Dat docht bliken út it feit dat se, doe't se yn de earste klasse meidiene, dêr de prizen wûnen. It is spitich dat de tsjin de top oanhingjende keatsers faaks te min partijen keatse en dêrom der net "echt" ynkomme. De haadklassers ha it hege nivo oan trening te tankjen. It is net mear sa as eartiids dat allinne de keatsers dy't ek in oare sport diene, der folop yngeane, wylst de oaren wat kerbintich op it fjild steane. Keatsen is folkloare, mar ek topsport en heart nivo te hawwen.

Oer "nivo" falt hiel wat te sizzen. De PC fan 2005 wie min. Dat blykt ek wol út de útslaggen fan de partijen. De earste omloop joech gjin spanning. Twa kear 5-1, twa kear 5-2 en fjouwer kear 5-3. Yn de twadde omloop waard it ien kear 5-0, twa kear 5-3 en de partij tusken Jochum Bouma, Kor Zittema, Taeke Triemstra en Johan Abma, Pieter Scharringa en Daniël Iseger einige op 5-5 en 6-4. Doe wiene de winners fan 2004 der ôf. De partijen yn de tredde omloop einigen ien kear mei 5-0 en ien kear mei 5-5 en de finale waard op 5-1 besletten. Op dizze PC waard yn totaal dus twa kear 5-0, trije kear 5-1, twa kear 5-2, seis kear 5-3, en twa kear 5-5 keatst. De ferliezers krigen gemiddeld 35 : 15 = 2 1/3 earst per partij. It is typearjend dat de prizen by de partoeren Rutger van der Meer, Jacob Wassenaar, Chris Wassenaar (earste priis), Johan van der Meulen, Herman Sprik, Cornelis Terpstra (twadde priis), Klaas Berkepas, Dirk Jan van der Woud, Auke de Graaf en Jochum Bouma, Kor Zittema en Taeke Triemstra (tredde prizen) kamen. Dat binne ek de partoeren dy't yn it seizoen 2005 de measte prizen wûnen.

Mar it is net allinne op de PC dêr't in protte partijen mei in leech nivo foarkomme. Ek by oare haadklassepartijen is dat it gefal. Oan dy wedstriden diene ornaris tsien partoer mei. Dochs wiene der gjin tsien opslaggers, foarynsen en achterynsen dy't it haadklassenivo hellen. Miskien wiene it noch gjin acht. Lit my der net oan tinke dat der oan elke partij tolve partoer dielnimme. Nei myn betinken soene acht mear as genôch wêze. Dan kin der noch neffens it ôffalsysteem keatst wurde en is de partij yn op syn meast fjouwer oeren beslikke. Op it langst fan de dagen kin sa'n partij op 'e middei om fiif oere begjinne. Ferienings mei grutte fjilden kinne op itselde momint nêst de haadklassepartij in earsteklaspartij (ek fan acht partoer) organisearje. De promoasje en degradaasje kin op ien fjild plakfine. Benammen foar de earsteklassers liket my dat tige oantreklik. De inkele taskôger dy't wolris by in earsteklaswedstriid komt, hat it gefoel dat dêr hiel aardich keatst wurdt. De praktyk is dat de út de earste klasse promovearre partoeren it meastal (te) dreech yn de haadklasse krije en de degradearre partoeren út de haadklasse foar master opslaan yn de earste klasse.

Hotze en Chris.
(Cartoon: Jan Tromp)

oersjoch keatsen haadklasse 2005



Mei de klok mei fan links ûnder nei rjochts ûnder: Jan-Willem van Beem, Daniël Iseger, Chris Wassenaar, André Kuipers en Pieter Scharringa.
(Foto's: argyf KNKB)

Der is in kwaliteits- en mentaliteitsferskil. Miskien kinne de keatsers nei inoar tagroeie troch de partijen nêst inoar te hâlden.

De keatsers

Eartiids wiene der keatsers dy't harren stimpel op in seizoen drukten: Johannes Brandsma, Hotze Schuil, Taede Zijlstra .... . It wiene de kleurrike figueren. It seizoen 2005 gie foaral oer Chris Wassenaar. Mar hoe "grut" en kleurryk is Chris? Hy is grut, mar Hotze wie ek grut. Giet it dan om de útstrieling fan in keatser op en om it fjild? Giet it om it bespyljen fan it publyk? Sokke kwaliteiten hat Chris minder. Dochs is Chris in grutte keatser. De sifers jouwe it oan. As jo de lêste jierren de measte punten yn it klassemint helje (útsein 2004, want doe wie er twadde) en yn 2005 de measte frijeformaasjewedstriden, de measte útnoegingspartijen en de ôfdielingspartijen winne, yn Harns op de woansdeispartij mei 5 – 5 en 0 – 6 achter steane en dan fjouwer ballen as projektilen ynslaan litte, foar de twadde kear koaning fan de PC wurde, yn ien seizoen 15 kear koaning wurde ..... dan binne jo in grutte keatser.

Is Chris dan ek in oantreklike keatser? It is gjin smoute prater en hy hat soms muoite mei de beslissing fan de skiedsrjochter. Hy skeldt foaral op himsels (Chris it moat better!) en hat muoite om as achterynse by tuskenynse ballen te kommen. Mar hy kin "ferwoestend" opslaan. Wa kin in bal mei sokke snelheden nei it perk jeie en sokke nuvere kurves yn in bal lizze? Soks is foar Chris noch nea bard. Chris moat foar bêst opslaan, mar ek de ballen útreagje mei dy grutte want fan mear as 200 gram. Der binne mear goede achterynsen, dy't achteryn neat minder binne, mar der binne gjin achterynsen dy't yn kombinaasje mei de opslach better as Chris binne en dêryn sit syn grutheid.

Der binne gelokkich mear keatsers as allinne Chris Wassenaar. Guon fan harren hiene yn de "slipstream" fan Chris ek in bêst jier, sa as syn maten, broer Jacob en opslagger Rutmer van der Meer. Ek sy binne yn it jierklassemint noch nea sa heech einige. En dan al dy keatsers dy't op de frijeformaasje by Chris lotten! Ien dêrfan wie Dirk Jan van der Woud. Hy hâlde der as haadklasser mei op en woe dat mei in oerwinning dwaan. Op de Aldehou hied er in partoer dat perspektiven bea. Mei Erik Seerden en Chris waard de earste omloop wûn. Yn de twadde omloop hienen se in steand nûmer. Fan de tredde priis wiene se wis. Mar it gie mis. Chris krige in protte ballen op 'e bealich; it woe net "echt". Op 5-3 en 6-4 sloech er kwea út en sa wie der gjin glorieus ôfskied foar Dirk Jan.

De winners fan dizze partij wiene Johan van der Meulen, Herman Sprik en Teake Triemstra. Yn 'e finale wûnen se mei 5-3 en 6-4 fan Jochum Bouma, Kor Zittema en Pier Piersma. Johan van der Meulen joech doe in sitbal en makke net allinne de partij, mar ek it keatsseizoen út. Op 'e nij mei Sprik! No de haadpriis mei keatsen en net mei balkearen winne. Fjirtjin dagen earder waard dyselde Johan te Penjum ferfongen troch Jochum Bouma. It like dat Johan in krupsje hie. In wike letter yn Marsum kaam "de ware aap" út de mouwe. De mannen Sprik en Terpstra blieken spul te hawwen mei Johan van der Meulen. Se wûnen de earste priis. Johan mocht net opslaan en gie pratend mei karmasters oer it fjild en kearde sels noch ien kear in bal. Oan 'e ein fan it seizoen hat er 33 punten, like folle as Cornelis Terpstra en dat sûnder trije oerwinnings mei it ôfdielingspartoer en twa minder as Herman Sprik, de meast talintfolle jongere.

Henk Vlietstra.
(Cartoon: Jan Tromp)

Mar net foar elke keatser is it jier súksesfol. Henk Vlietstra kaam net iens oan keatsen ta en waard al fanôf de earste partij ferfongen troch de jonge Wommelser Jacob Klaas Haitsma. Foar Jacob Klaas waard it in jier om te learen; ien kear wûn er de lytse preemje. Foar Henk liket de keatskarrière foarby. It sirkus mist oan him in tûke foarynse. En dan it drama Douwe Groenendijk. It wie foar Douwe in persoanlik drama, mar ek foar it keatsen. Persoanlik om't it wol tige sneu is om yn 2004 koaning op de Rengersdei te wurden en in jier letter op dy partij blessearre fan it fjild droegen te wurden. Mei in bylotte Marten Feenstra wûnen syn maten André Kuipers en Erik Seerden de earste priis. André waard koaning en Douwe ferbiet him.

Erik Seerden.
(Cartoon: Jan Tromp)

Foar Marten wie it hielendal in ferrassing; hy siet al "yn'e tobbe" en moast him fluch ferstrûpe. De blessuere fan Douwe wie dit jier wol de slimste, mar net de iennichste. Soe dat troch it grutte tal wedstriden komme? It gefolch wie bylotsjen en dat is ien fan de grutte ergernissen foar it publyk. It kin dochs net sa wêze dat Douwe Groenendijk op de Aldehoupartij (útnoeging) op de list stie, wylst er sûnt de Rengerspartij al blessearre wie!

In keatser dy't dit jier tusken wâl en skip bedarre, wie Jan Willem van Beem; hy waard net keazen yn it ôfdielingspartoer fan Dronryp en wûn hast gjin prizen. Mar ek Tjitte Bonnema wit wat it is om elk wykein út keatsen te gean en mar komselden mei in pryske thús te kommen. Sit dat yn Tjittes karakter, want keatse kin er wol?

In keatser dy't nei hichte- en djiptepunten einlings wer in hichtepunt berikte, wie Simon Minnesma. De âld-PC-koaning rekke yn 'e earste klasse. Yn Moarre lotte er by Kor Zittema en Cornelis Terpstra. Se wûnen en Simon wie wer haadklasser. It tsjûget yn alle gefallen fan folhâlden.

Erik Seerden is ek sa'n foarbyld fan in keatslibben dat nuver ferrinne kin. Nei grutte súksessen yn syn jonge jierren hong er de keatswant oan de wylgen. Mar it barnde dochs en ferline jier die er wer foar it earst sûnt jierren yn de haadklasse mei. Op 12 juny belibbe er in nij hichtepunt. Nei tsien jier waard er foar it earst wer koaning yn 'e haadklasse. Hy wûn yn Stiens mei Douwe Groenendijk en André Kuipers op 5-2 en 6-6 fan Chris-en-dy. Letter luts er him yn Arum fan it minne waar neat oan. Mei fêste maat André Kuipers en de bylotte Pier Piersma waard mei 5-2 en 6-0 fan Bouma c.s. wûn.

De Bitgumer keatsdagen foarmje elk jier in hichtepunt foar keatsers en publyk. De sneons wûnen de Wassenaars mei Jochum Bouma de útnoegingspartij. Mar de sneins wie it foar Jochum op 'e nij "raak". Hy wûn mei syn fêste maten Kor Zittema en Taeke Triemstra de fôlen. It waard harren fyfde oerwinning dit jier. Bitgum wie wol net de ein fan it keatseizoen, mar ik wol myn skôging oer de haadklassers yn 2005 der dochs mei einigje.
Lit ús hoopje dat 2006 in moai keatsseizoen wurdt.

Jan Hiemstra